

Tekst 1

Goed, mar net yn *mýn* achtertún

(1) Yn Grins, om krekt te wêzen: by ús foar de glêzen, helje bulldozers en kraanmasines in lange stripe park oer de kop. It wie gjin gesicht, dat it waard heech tiid, fûn de gemeente. As it oan my lei, wie fertutearze wol sa moai as opknapt, mar soks is no ienkear net oan my. Goed 58.000 kante meter oan beammen en strewel is kapt en der komme anst 3500 beamkes-tusken-twa-pealtsjes foar werom. In galerijflat fol probleemgefallen ferdwûn om dêr beskaafde keapwenningen foar werom te krijen. In meânderjende wetterloop is dimpt, mar foar ôffier sil soarge wurde, sit dêr mar net oer yn. Yn eardere plannen waard jubele dat by sterk iis om de hiele oanbuorjende nijbouwyk hinne riden wurde koe sûnder te klunen, mar dat idee is ferlitten fanwegen de kosten fan in echte brêge; no komt der in brede daam mei in tasein keunstwurk. En fierders: *rijgdraden* sille it eardere stiltegebiet trochkruse en it klapstik wurdt in kilometerlange, moai rjochte promenade anneks *skatebaan*, mei in betonnen wettergoate deromhinne *just for fun*, oan de iene ein útkommend by it bernebuorkerijke en oan de oare ein by in oan te lizzen basketbalplein anneks hingplak. In plan fol trochtochte ambysjes, respekt foar besteande natuerwearden, fiere sichtlinen, multy-funksjonele ditten en datten, allegear te realisearjen mei in heech ôfwurkings-nivo en al sokke dingen mear.

(2) It masterplan is makke troch buro NoordPeil út Snits. Yn *De Moanne* fan novimber stie in petear mei oprjochter/lânskipsarsjitekt Els van der Laan, dat sadwaande begjin ik der hjir oer. "Landschapsarchitecten zijn de plannenmakers, maar de dorpingen moeten op die plek leven en daar heb

je rekening mee te houden", seit se yn dat fraachpetear en op dy útspraak soenen wy as begrutlike stedsjers graach meilifte wolle. Fierder is my bybleaun dat se har útsprekt foar it respektearjen fan âlde beammen yn-stee fan nij 'schaamgroen'. Foar de minsklike mjitte, slingerjende foarmen, wier! "Ons doel is altijd om weer een verbinding tussen natuur en cultuur te creëren en dan liefst zodanig dat de bezoeker zich prettig voelt in die omgeving, dat hij bijvoorbeeld een hele dag met een boek en misschien een picknickmand in het park doorbrengt."

By sok praat sizze echte Grinzers: *meneer Mooi Lull'n is ook weer in stad, ja*. 58.320 kante meter grien kealslein!

(3) Wat my op it earste gesicht tsjinstiet, is dy fernijingsneuroaze, mei in tûfke ûnnoazelheid bakt yn fet disrespekt, ôfblust mei goedpraterich jargon. Dan noch leaver dy Amerikaanske generaal yn Vietnam dy't sljochtwei-hinne rapportearre: om it lân te behâlden moasten wy it ferneatigje.

(4) Sa kin dat hjir no wol maklik delskreaun wurde, mar fan de oare kant: jo sille in casu mar de arsitekt wêze... Ommers: der is oan ynspraak dien. Sterker noch: yn dit gefal ha de twa oanbelangjende wykkomitees en de lokale miljeufederaasje regelmjittich by jo plannemakkerij sitten. Lang om let kinne direkt belanghawwenden formeel beswier meitsje tsjin wat jo opdrachtjouwer besletten hat fan de plannen oer te nimmen. As it rjocht dan syn beloop hân hat, ja, mei it dan einlings dien wêze mei dy lekskoaijerij, dy sjitterij op de pianospiler?

(5) Boppedat, nim grutte projekten dy't rûnom wurdearre wurde: se wienen noait ta stân kaam as der net

- ûnfersteurber trochset wie tsjin alle
 90 beswieren, tsjinslaggen en boargerlike
 smaken yn. Oft it no giet om de Gaudí-
 katedraal, it Bois de Boulogne of de
 Erasmusbrêge.
(6) Lit ús hjir de trije oare spilers noch
 95 efkes fierder neirinne. Yn it foarste plak:
 jo opdrachtjouwende oerheid is in
 opportunistyske kletsmajoar. Desennia-
 lang hat er yn in fracht nota's de lear
 fan 'de kompakte stêd' ferkundige: de
 100 stêd moat foaral stêd bliuwe en gjin
 doarp wurde, oarsom likemin, dus leafst
 heechbou om de grinzen te aksintu-
 earjen en yn alle gefallen gjin tûn-
 doarpske tastannen der tuskenyn. Mar
 105 ja, op in stuit rekket sa'n stêd fol en
 ferhúzje de better betelle befolkings-
 lagen nei de doarpen, dus dan dochs
 mar wat rommer opsette bûtenwiken
 plenne, guon no sels op it grûngebiet
 110 fan de gemeente Slochteren en
 Tynaarlo. Dan skrikt it gemeente-
 bestjoer fan de ûnsjogge oergong dêr-
 tusken ("rafelige rand") en jout arsjitek-
 ten opdracht om dat op te kreasjen.
 115 Hup, âldmoadrich hege flats en flink
 wat wyld beamkeguod fuort en, sjedêr,
 romte foar in kontingint urban villa's, in
helofytenfilter, plus promenade anneks
 skatebaan neist wettergoate.
 120 **(7)** Dan, twad, dy ynspraakkomitees:
 dat binne ornaris koartsichtige fergader-
 bongels. Yn dy saak hat ien fan dy
 clubs jierren lyn syn krûd al finaal fer-
 sketten. Der wie in lobby om dat park te
 125 beheljen by in oan te lizzen golfbaan,
 mar dat fûnen de mannen fan it komitee
 net passen by it karakter fan de neist-
 lizzende arbeiderswyk! As der lykwols
 ien bestimming sûn grien is en noait
 130 werom te draaien, dan is it wol – mei in
 heech gehalte oan rjochters, advokaten
 en bestjoerders op de baan – in
golfcourse. Lêste nijs: de kans is no
 grut dat de oanswettende kûle fierder
 135 útgroeven wurdt foar de oanlis fan it
 wettersky-parkoers foar ynvaliden mei
 al syn lawaai en gestjonk fan motor-
 140 boaten... Tel út dyn winst; waans
 belang behertigje dy ynspraakkomitees
 eins?
(8) Dan, tred, ta beslút: de beswier-
 meitsjende boarger. Fansels, wat my
 winlik driuwt, is it goedbegrepen eigen-
 belang dat ik alfêst boppe dit stik set
 145 haw. *Skate* wol ik op echt iis, basket-
 balle die ik allinnich om't it fan de
 gimnestyklearaar moast, hingje doch ik
 wol foar de televyzje, in bernebuorkerij
 is neat as jo op in echtenien berne
 150 binne en ear't de nije beamkes boppe
 de pealtsjes útkomme dy't har yn 'e
 stringen hâlde, bin ik der faaks al net
 mear. En it keunstwurk? Ja, dat fyn ik in
 griis, want it bestiet nei't no bliken
 155 docht út tolve ôfwikende lantearne-
 peallen.
(9) Yn dat krachtefjild moast frou Van
 der Laan elkenien tefreden stelle? By
 ynspraak draait it om draachflak, dat kin
 160 belangryk wêze, mar in projekt wurdt
 der komselden moaier fan. Boppedat is
 smaak beweechlik. It wenblok de
 Swarte Madonna yn Den Haach fan
 ferneamd stedeboekundige/arsjitekt
 165 Carel Weeber waard nettsjinsteande
 fûle protesten boud, it soe dêr
 misstean, mar de gemeente drukte
 troch; no tweintich jier letter lit de
 gemeente it al wer ôfbrekke, lykwols
 170 ûnder lûd protest, it soe sa moai passe.
(10) Ynspraak en skientme, it einresul-
 taat is faak op syn minst sa dubieus as
 by it oare uterste. Hat diktator Ceau-
 cescu sûnder in wurd fan de tsjinspraak
 175 te hearren net in fjirdepart fan it âlde
 Boekarest ôfbrutsen en ferrike mei in
 megalomane sûkertaart dy't no sa unyk
 achte wurdt yn syn soarte, dat se it
 ûnfoege bouwurk foar de takomst
 180 bewarje wolle?
(11) As lêste dan noch de slepende wei
 fan prosedueres foar beswier, berop en
 heger berop, al dy ego-juristerij:
 ynsidintele sukseskes kinne dermei
 185 behelle wurde, mar eb en floed yn
 belied of smaak litte har dêr net troch

keare. Dat ik soe sizze: Hup Els, ik wol dy foar de feroaring noch wol in pear

190 útwoexen beammen oanwize dysto oerslein hast.

Nei: Bouke van der Hem, De Moanne 10, desimber 2005

Tekst 2

De takomst fan it wittenskiplike boek

- 1 De Fryske Akademy jout troch, past oan en fernijt hieltyd in beskate kanon¹⁾ fan kennis oangeande Fryslân. Sa liket dat al ieuwen gien te wêzen, mar sil it ek sa bliuwe? My tinkt fan net. Nei myn betinken steane wy yn ús omgong mei wittenskip en ynformaasje oan it begjin fan feroarings dy't yn har draachwiidte te fergelykjen binne mei de útfining fan de boekprintkeunst yn de fyftjinde ieu.
- 2 It wittenskiplike boek sil oer heechút trije generaasjes ferfongen wêze troch in folle funksjonelere, digitale fariant. Dat sil dan net allinnich jilde foar alles wat dan publisearre wurdt, mar ek foar alle boeken dy't yn it ferline publisearre binne. De oare kant fan datselde ferhaal is dat alle papieren boeken dan museumobjekten wêze sille. Trije fernijings kundigje de breuk oan mei in eardere wittenskiplike praktyk. Alderearst is dat it fotokopiearapparaat (yntrodusearre yn de jierren santich), dêrnei de kompjûter (jierren tachtich) en yn it ferlingde dêrfan ta beslút it ynternet (jierren njoggentich). Alle trije ha se in slim demokratisearjend effekt, yn dy sin dat it ynstruminten binne om kennis en ynformaasje folle breder oer de maatskippij te fersprieden. It súkses fan dy ynstruminten hinget, tinkt my, ûnskiedber gear mei de ûnbidige ekspânsje dy't it heger ûnderwiis en it wittenskiplik ûndersyk sûnt de jierren sechtich fan de foarige ieu trochmakke hawwe.
- 3 Jo moatte jo de wittenskiplike wrâld fan foar dy tiid foarstelle as in betreklik lytse, út in net al te grutte maatskiplike elite rekrutearre groep. Histoarysk koene yn dy hearlike dagen út argiven de argyfstikken en út biblioteken de âlde boeken noch mei nei hûs ta nimme om dy dêr kalm te bestudearjen. Yn myn eigen studintetiid, yn de jierren santich, wie de útlieping fan argyfstikken al folslein taboe, mar koene jo op de Universiteitsbibliteek yn Grins alle boeken fan nei 1800 noch frij liene. Tsjintwurdich leit de grins by 1900 en is yn de argiven hieltyd mear klam kommen te lizzen op it konservearjen fan âlde stikken. It proses fan musealisearring fan it argyfstik en fan it boek is mei oare wurden al lang geande.
- 4 Dat proses koe en kin him – it hat wat paradoksaals – ûntjaan, wylst troch de ekspânsje fan it wittenskiplik ûndersyk it gebrûk fan biblioteken en argiven krekt folle grutter waard. De trije ynstruminten dy't ik neamde, oerbrêgje dyselde tsjinstelling. Yn prinsipe tsjinje se nammentlik alle trije it doel, dat orizjinele stikken troch kopiearre te wurden folle breder ferspraat wurde kinne. Der wurdt earst in kopy makke fan de stikken dy't it meast oanfrege wurde en fan de stikken dy't it seldsumst binne, in kopy dy't it plak ynnimt fan it orizjineel.
- 5 Trochdat orizjinele argyfstikken, sa't de namme sels al seit, unyk binne en âlde boeken net – dy wurde earder yn termen fan seldsum en kostber beneamd – rinne de ûntjouwings yn it argyf foar op dy yn de bibliotek.

- Mar ek dêr sjocht men dat orizjinele eksimplaren fan in boek hieltyd faker digitalisearre wurde en dat digitale kopyen it plak begjinne yn te nimmen fan de papieren eksimplaren. Troch it ynternet, dat fan de niisneamde ynno-vaasjes it ymposante foarriedige slútstik foarmet, kinne dy boeken yn prinsipe oeral op de wrâld frij rieplachte wurde.
- 6 De ûntjouwings yn de lêste twa, trije jier binne ek net te miskennen. Wa't it wat byhâldt, sjocht alle dagen de meast ferrassende inisjativen op dit mêd. Ynienen kin it barre, dat der samar 12.600 brieven fan Willem fan Oranje digitaal ta jins foldwaan steane. Yllustratyf foar de ûntjouwings op dit mêd is ek it inisjatyf dat de sykmasine Google yn desimber 2004 oankundige. Yn gearwurking mei fiif topuniversiteitsbiblioteken binne se begongen om op termyn fan fiif jier sa'n fyftjin miljoen boeken yn te scannen en digitaal beskikber te stellen.
- 7 De resinte ûntjouwings jouwe troch de gruttere berikberens en beskikberens fan boarnen en literatuer de mooglikheid ta breder fergelykjend en tagelyk mear yngeand, djipdollend ûndersyk. It is tsjintwurdich net allinnich mooglik om út jins luie stoel wei sawat alle klassikers út de wrâldliteratuer te lêzen, ensyklopedyen te rieplachtsjen, it ynternet sels as ensyklopedy of wurdboek te brûken ensfh. It materiaal is troch it digitale formaat ek folle better troch te sykjen en te manipulearjen. Undersyk dêr't jo noch gjin fjirtich jier ferlyn tsien jier foar útlutsen, kin tsjintwurdich yn in pear moanne dien wurde.
- 8 It liket my ta dat al dy ûntjouwings net keard wurde kinne en hieltyd fierder gean sille. Net allinnich it ûndersyk, mar ek de publikaasje dêrfan hat foardielen fan digitalisearring. Elke digitaal publisearre tekst is fuortdalik op 'e nij digitaal te brûken materiaal foar folgjend ûndersyk: men kin hieltyd wer jins eigen tekst ferbetterje en oanfolje of troch oaren oanfolje litte. In moai foarbyld fan hoe't dit no al wurket, is de Wikipedia, dat is in ensyklopedy dy't troch brûkers fan it ynternet mei-inoar makke wurdt. Dêryn wurdt troch ien in lemma²⁾ skreaun en in oar kin fuortdalik sa'n lemma ferbetterje. Benammen yn wat gruttere brûkersmienskippen is dat in tige suksesfolle wurkwiize dy't in kwalitatyf ferrassend en heechsteand produkt opsmyt, sa docht út ûndersyk bliken. Dy wurkwiize is fansels net mooglik mei papieren boeken, mar allinnich yn de netwurkstruktuer fan it ynternet. It liket dan ek it wierskynlikst, dat wittenskiplike 'boeken' yn de takomst mear lykje sille op hjoeddeistige websites as op it klassike boek.
- 9 As dy mooglikheden safolle grutter binne en dy ûntjouwings sa funksjoneel, kinne jo josels ôffreegje, wêrom't it dan net noch folle hurder giet. Dat komt omdat der fansels ek praktyske en juridyske tûkelteammen binne. Op dit punt fan myn ferhaal is in lytse analogy ferhelderjend. Yn de sechtjinde en santjinde ieu makke de wittenskip ek grutte ûntjouwings en fernijings troch. Yn in klassyk boek is Elisabeth Eisenstein fan betinken, dat de útfining fan de boekprintkeunst (yn likernôch 1450 troch Gutenberg yn Mainz) in betingst wie foar it ta stân kommen fan de moderne wrâld as sadanich. De printparse feroare de omstannichheden dêr't ynformaasje yn garre, opslein, weromfûn en kritisearre waard en makke kumulaasje³⁾ en ek emulaasje⁴⁾ fan kennis mooglik. Konkreter: de moderne bibel- en tekstkrityk, mar ek de santjinde-ieuske wittenskiplike revolúsje binne sûnder de printparse ûntinkber. Yn earste ynstânsje bleaunen doe ek beide systemen fan kennisoerdracht, nammentlik skriuwen en printsjen, nêstinoar yn gebrûk en wiene dy takomstige ûntjouwings net dúdlik. Dat is grif net oars mei de digitalisearring fan no. It hat net folle doel om te

spekulearjen oer hoe't it krekt komme sil (dat hinget ek fan allegear oare faktoaren ôf) en om in eksakte blauprint jaan te wollen fan de takomst.

- 10 De feroarings sitte net allinnich yn it boek sels, mar sille folle breder wêze. De fragen dy't der dêrby ta dogge, hingje benammen gear mei twa begripen: autoriteit en eigendom. As jo jo it wittenskiplik ûndersyk yndie foarstelle as it yn 'e mande meitsjen fan in website, dan ropt dat fragen op oer hoe't de ynbrochte kennis kontrolearre wurde kin en moat. Wa makket út wat wier is en wat wittenskiplik relevant is? Hoe wurdt dat metten? Ik tink dat krekt hjir in rol lizzen bliuwe sil foar tradisjonele

ynstituten lykas bygelyks de Fryske Akademy en Tresoar, dêr't minsken mei in spesjalisearre ekspertize oan ferbûn binne. De twadde fraach is dy nei it eigendom. Op 'e nij: tink jo it boek yn as website, wa hat dan it eigendom? Hoe wurdt dat eigendom opeaske? Wa is ferantwurdlik foar wat? Wa kin ôfrefkene wurde op de kwaliteit fan sa'n boek? Hoe sit it mei auteursrjochten en mei sitear-yndeksen? Sokke fragen meitsje fuort dúdlik, dat de beskreaune ûntjouwings net allinnich grutte ymplikaasjes ha sille foar ûndersyk en publikaasje fan ûndersyksresultaten, mar ek foar de organisaasje fan it wittenskiplik bedriuw as sadanich.

Nei: Goffe Jensma, tekst fan in yn justjes oare foarm útsprutsen 'Brekpuntlêzing' op 18 april 2005 op de Fryske Akademy te Ljouwert

noot 1 kanon = samling fan teksten dy't troch it fakgebiet as wichtich sjoen wurdt

noot 2 lemma = tekst by in stekwurd yn in wurdboek of ensyklopedy

noot 3 kumulaasje = opiensteapelning

noot 4 emulaasje = foarútgong

Bronvermeldingen

- | | |
|---------|---|
| tekst 1 | Bouke van der Hem, De Moanne 10, desimber 2005 |
| tekst 2 | Goffe Jensman, tekst fan in yn justjes oare foarm útsprutsen 'Brekpuntlêzing' op 18 april 2005 op de Fryske Akademy te Ljouwert |